



Ikke krakkemikke en it wite wiif

(Ikke krakkemikke en het witte wief)

Stik foar bern yn twa bedriuwen

Skreaun troch

ARIS BREMER

Oerset troch

Klaasje van der Veen- de Boer

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IKKE KRAKKEMIKKE EN IT WITE WIIF (IKKE KRAKKEMIKKE EN HET WITTE WIEF)** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

IKKE – famke dat ûnderweis is

KNIERP – doarpsjonge

KNOBBEL – doarpsjonge

KRAKKE – de heale molder (mealder)

MIKKE – de oare helte

WITE WIIF – de Wite Dame

MOTTEBAL – har keamerhear

MEM KALIS – mem fan Knobbel

MEM MOKSEL – mem fan Knierp

DEKOR

Krekt bûten in doarp oan in streamke, dat fan linksfoar nei rjochtsachter it gebiet yn twaën dielt, is de wâlkant sichtber middels soksawat as in reidkraach of wat rûchte. Yn it midden oer it wetterke in houten krakkemikkich brechje. Rjochtsfoar in kampke lân, rjochts in waskline fan de memmen. Lofts efter de feart in mânshege swarte houten wand fan in mole, wêr't in grutte trechter boppe hinget; oan de mole sels in grut mei de hân te draaien rêd. In lûk jout tagong; in ljedderke stiet tsjin de mole. Rjochtsefter in grot-iepening: de tagong fan de koalemyn.

EARSTE BEDRIUW

Ikke komt op. Se hat in lange kuier makke. Har jurk liket op in prinsessejurk, mar is stoffich en smoarch. Se rint troch nei it brechje. Op de brêge sjocht se efterom, de kant út dêr 't se weikaam.

IKKE (*ropt*): Wêr bliuwst no? Do hearst my net, hê mantsje?! En do sjochst my gelokkich ek net mear! Ik bin frij!! Frij!! (*set har kofferke del*) Hy hellet my noait wer yn. Mantsje Mottebaltsje!! Gôh, wat wie dat spannend sis! (*sjocht om har hinne*) Hjir bin 'k noch noait west, leau'k... (*rint werom, om de mole hinne. Sjocht. Stapt eefkes op de ljedder. Draait oan it rêd. Swart stof waait op. Laket om de stofwolk. Rint dan beret nei it brechje. Midden op de brêge steane no Knierp en Knobbel*) Hoi! (*sil trochrinne*)

KNIERP: Ho!

KNOBBEL: Ho!

KNIERP (*as Ikke dochts trochrint*): Steanbliuwe, do!

KNOBBEL: Bliuw stean!

IKKE: Wêrom? Mei ik hjir net lâns?

KNIERP: Nee! (*giet gjin stap oan 'e kant; sjocht nei har klean*) No sis, wat bisto in tutte.

KNOBBEL: Hoe hjitsto, tutte?

IKKE: Ikke!

KNIERP: Ja. Do. Hoe hjitsto? Sis op!

IKKE: Ikke! En net Tutte!

KNIERP: Ikke, ikke, ikke. Kinst ek noch wat oars sizze as ikke, tuttebelle?

KNOBBEL: Dyn namme, tutte. Wy wolle dyn namme witte. Ik hjit bygelyks fan Knobbel.

KNIERP: En ik hjit Knierp.

IKKE: Hoe hjitte jim? (*laitsjend*) Knierp? Knobbel? Dat binne gjin nammen! Jim sizze mar wat.

KNOBBEL: Wat no! Lakest' ús út?

KNIERP: Asto ús útlakest, donderje wy dy fan 'e brêge. Dat dogge wy mei elkenien dy 't ús útlaket. Dy giet hopla it wetter yn.

KNOBBEL: Dy giet gewoan hopla yn'e feart. En do kinst net swemme, no? Nee, no?

KNIERP: En as je net swemme kinne, dan fersûp je.

KNOBBEL: En as je fersûpe, dan bin' je dea.

IKKE: Jim meitsje my net bang hear. Ik kin hartstikke goed swemme!

KNOBBEL: Hu! Grif net sa goed as my. Ik swem hjirwei samar nei Amearika ta. En dan ek noch wol werom.

KNIERP: Dat is noch neat! Ik swem hjirwei samar in rûntsje om de hiele wrâld hinne en ek noch wol in kear werom!

IKKE: O, ja? Lit dan marris sjen wat jim kinne! En doch se de groetnisse yn Amearika en de hiele wrâld. No wêr wachtsje jim op? Spring dan!

KNIERP: Ik sjoch wol út. Ik springe en dan do gau trochrinne, seker!

KNOBBEL: Oer ús brêge.

KNIERP: En dat giet moai net troch!

IKKE: Mar ik wol nei de oare kant. Snap dat dan.

KNIERP: Hearst dat Knobbel? Dy tuthola wol oer ús brêge!

KNOBBEL: Dat giet dus net troch. Ferbean foar tuttebellen!

IKKE: Hoe moat ik dan oan de oare kant komme?

KNIERP: Kin my wat skele? Swemme? Dat kinst ommers sa goed? Kinst der ek hinne fleane!

KNOBBEL: Dan fladderst mei dy tuttejerk troch de loft nei de oare kant!

KNIERP: Kinst ek in tunnel ûnder it wetter troch grave. Komst gewoan oan de oare kant wer boppe. Mar komst net oer ús brêge, frjemd frommes!

KNOBBEL: Frjemd frommes sûnder namme!

IKKE: Mar ik ha wol in namme!

KNOBBEL: No, en dat is...

IKKE: Dat ha 'k al sein. Ik hjit Ikke!

KNIERP: Ikke!? Is dat in namme? Ikke?!

IKKE: Ja. Ik hjit myn hiele libben al Ikke.

KNIERP: Hasto wolris fan dy namme heard, Knobbel?

KNOBBEL: Ikke ha noch noait fan Ikke heard.

IKKE: En dochs is myn namme Ikke! (*Knierp en Knobbel kinne net wer ophâlde fan laitsjen*)

KNIERP: Ikke, Ikke. Wa hjit no fan Ikke?

KNOBBEL: Ikke moat der al fan hikke.

KNIERP: Ikke moat in gatsje prikke!

KNOBBEL: Ikke, ikke, ikke....

KNIERP: Ikke kin wol yn har eigen flibe stikke!! (*de jonges lizze laitsjend langút op'e grûn. Ikke stapt oer harren hinne en rint oer de brêge*)

KNOBBEL: Ikke, Ikke, as se gûlt dan moat se snikke!

IKKE: En jim kinne om myn part stikke! Want Ikke is no lekker oan de oare kant! Lekker puh! (*de twa klauwe oerein*) En as je it no oer gekke nammen ha: Knierp en Knobbel dat klinkt echt nuver! It heart op aaklike syktes. Dokter, dokter, wolle jo eefkes komme? Ik ha sa'n rare knobbel op myn knierp!

KNOBBEL: Ik ha hielendal net in knobbel op myn knierp!

KNIERP (*tsjin Knobbel*): No is dy tutte wol oan de oare kant!

KNOBBEL: Hé, do! Hoe komst' dêr sa gau?

IKKE: Gewoan oer jim stomme rotbrêge!

KNOBBEL: Hearst wat dat mokkel seit? Stomme rotbrêge!

IKKE: Krekt! Stomme âlde rotbrêge! Hy kin sa wol ynsakje!

KNOBBEL: Us brêge yn inoar sakje? Doocht it dêrboppe wol? Us heit hat him sels timmere! Dizze brêge; sa sterk as in dyk!

KNIERP: No, sa sterk is er no ek wer net, Knobbel. Hy is wol in lyts bytsje gammel.

KNOBBEL: Niks gammel! Hy is izersterk!

KNIERP: Hy pipet en kreaket wol. (*beweecht*) Harkje mar!

KNOBBEL: No en! As se oer dy hinne rinne silst ek wol piipje en kreakje.

KNIERP: En hy skommelt. Dy brêge skommelt hartstikke as 't der oer hinne rinst.

IKKE: 't Is gewoan in stom âld rotbrechje!

KNOBBEL: Jim ha hielendal gjin ferstân fan brêgen! Hy is ferskuorrend, super sterk. Sjoch mar (*springt, mar wol foarsichtich*) Haihop! Haihop!

KNIERP: Knobbel! Net dwaan! Net springe!

KNOBBEL: Haihop!

KNIERP: Net dwaan! (*Knobbel hâldt op*) Wat bisto in knobbedrol! Aanst sakkest dertroch!

KNOBBEL: Och, waai op! Us heit hat sels...

KNIERP: De brêge timmere? No en? Jim heit is ek in knobbedrol!

KNOBBEL: Net wier! Us heit is timmerman! De bêste timmerman fan it hiele doarp.

KNIERP: Wat in keunst! Der is ek mar ien timmerman yn it doarp. Dan bin je altyd de bêste!

KNOBBEL: En dy iene hiele bêste, is no wol krekt myn heit!

KNIERP: Sil wol, mar dyn heit is in knobbedrol. Krekt as do!

KNOBBEL: Flean op, man! Dyn heit is in drollebakker.

KNIERP: Do bist gek!

KNOBBEL: De bôle dy 't jim heit bakt is krekt weake poep!

KNIERP: Us heit syn bôle is de lekkerste bôle fan de hiele wrâld en alles deromhinne. En syn koeke is de alderlekkerste koeke fan it hielal. Do seurst sels ek altyd om in stik koeke. (*sjocht dat Ikke no fuortrint*) Hé, do!

IKKE: Hé, do? (*rint troch*) Ik ha wol in namme, hè!

KNIERP: Ik bedoel, Ikke!

IKKE (*bliuwt stil stean*): Ja... Wat no wer!?

KNIERP: No witte we al datsto in namme hast, mar noch net wêrst weikomst!

KNOBBEL: En ek net, wêrst hinne giest!

IKKE: Nee, dat witte jim noch net, hè!

KNOBBEL: Fertel dat dan?

IKKE: Dat fertel ik net!

KNOBBEL: Madam seit it net!

KNIERP: En wêrom seit se it net?

IKKE: Omdat it jim neat oangiet!

KNIERP: O, nee? Giet ús dat neat oan? Dat sille we dan noch wolris sjen! (*Ikke hat har kofferke op de brêge stean litten; Knierp hâldt it boppe de feart*)

IKKE: Hé! Dat is myn kofferke!

KNIERP: Kin kloppe! En kin dyn kofferke ek goed swemme?

IKKE: Net dwaan! (*komt werom*) It mei net wiet wurde. It mei út noch yn net wiet wurde. Myn papieren sitte deryn! Net falle litte, asjeblyft!

KNIERP: Asjeblyft, leave Knierp!

IKKE: Asjeblyft, leave Knierp. Lit it net falle, asjeblyft!

KNOBBEL: Sa! En no moast ek noch sizze: asjeblyft leave, leave Knobbel!

IKKE (*suchtet*): Asjeblyft leave...

KNIERP: Ho! Ophâlde! Neat leave Knobbel. Wa hat it kofferke eins? No? Ik! Hy net! (*Knobbel pakt it him ûnferwachte ôf*) Sa!

KNOBBEL: En wa hat it no? Knobbel hat it kofferke. Sjoch mar!

IKKE: Asjeblyft, leave Knobbel! Lit it net yn 'e feart falle. Jou my myn kofferke!

KNIERP (*falt Knobbel oan*): Jou hjir, stomme knobbelein!

KNOBBEL: Fan syn leven net! Knieperpieper! (*se wrakselje en rôlje al skellend fan de brêge ôf nei rjochts. Ikke sjocht har kâns en pakt it kofferke*)

IKKE (*op de brêge*): Hé, broekjes! Sjoch hjir ris. Wêr tsiere jim eins noch om. (*de jonges hâlde op*)

KNIERP: Stomme knobbelein. It is dyn skuld!

KNOBBEL: Myn skuld; ús skuld! Eigen skuld, dikke bult!

IKKE: No moatte jim eefkes goed nei my harkje mantsjes. As jimme no sa graach alles fan my witte wolle, sil ik it wol fertelle. Myn namme is dus Ikke. Sa ha ús heit en mem my neamd. Ikke dus.

KNIERP: Gekke namme ha se foar dy betocht.

KNOBBEL: Do hast grif in gekke heit en mem.

IKKE: Us heit en mem binne hielendal net gek. Se binne dea.

KNIERP: Dea?

IKKE: Ja.

KNIERP: Echt dea?

KNOBBEL: Dat se net mear libje? Sa dea?

KNIERP: Stomme Knobbel. Fansels.. as 't dea bist, libbest net mear.

KNOBBEL: Mar heiten en memmen moatte net deagean. Dat heart net sa. Dan hast ommers neat mear oan dyn heit en mem. Dat is hielendal

net aardich.

KNIERP: Ja, mar se geane fansels ek net foar har plezier dea, oen.

IKKE: Nee. En ek net foar myn plezier. Want moai is oars!

KNIERP: Hoe binne se deagien? Wiene se siik of sa?

IKKE: Se binne út 'e loft fallen.

KNIERP: Doch net sa raar. Ut 'e loft fallen?

IKKE: Ja! Dat sis ik fansels net foar de lol. Se woene fleane. Krekt as fûgels.

KNOBBEL: Dan wiene se dus wol gek!

IKKE: Nee hear. Mar se koene toverje. Hè, ferdoarje. Ik woe dat net fertelle. En no witte jim it al. Mar dat fleanen slagge dus net. Ferkearde spreuk of sa. En no binne se dea. En ik wol neat mear te meitsjen ha mei dat getover.

KNOBBEL: Dat snap ik. As 't gjin heit en mem mear hast...

IKKE: It iennige dat ik noch fan ús heit en mem ha, is dit kofferke. Mei harren papieren.

KNIERP: Wat rot foar dy. Wêr moasto doe wenje?

IKKE: By in tante yn in hiel grut hûs, in soarte fan kastiel, mei wol hûndert keamers. In tante dy 't ik net iens koe. Ferskriklik!

KNOBBEL: Is 't net in leave tante?

IKKE: It is in hekse!

KNOBBEL: In hekse? In echte? In tsjoenster? Sa 'n ien mei in punthoed en in kromme noas mei in wart derop; sa'n ien dy 't hielendal krom rint; sa 'n ien mei in biezem dêr 't se op fleane kin? Sa 'n ien?

IKKE: No nee, dat no ek wer net. Se hat in gewoane noas, mar wol in hiel bleek gesicht. Se is smoarryk. Se hat wit hoefolle lân en huzen en buorkerijen. En..se tinkt dat se ek in bytsje toverje kin.

KNOBBEL: Wat hasto in rare famylje!

IKKE: Har toverjen stelt neat foar hear. Us heit en mem koene it folle better. Dy woene it my ek leare. Mar ik woe dat net. Ik fyn toverjen net leuk. Foaral net as't dan ek noch út 'e loft falst.

KNOBBEL: Mar wêrom bist hjir dan no?

IKKE: Myn tante woe de papieren út it kofferke stelle. Dêr steane toverdingen yn.

KNOBBEL: En dy woe se stelle? Jee!

IKKE: No, en ik moast fan har wol tsien kear op in dei yn bad! Om ek sa'n bleekskeet te wurden.

KNOBBEL: Tsiens kear yn bad? Getferderry!

IKKE: As hie ik mar in hiel lyts fiis plakje... dan liet se gau it bad folrinne en treau my deryn.

KNIERP: Jakkele! Yn bad! No dat fyn ik nochal hekserich!

IKKE: En as ik net woe, knypte se. Gemiene knypkes! Ik ha allegear

blauwe knypplakken. Oeral!

KNIERP: Ik soe weromknipe!

IKKE: Dat die ik ek! Fan 'e moarn noch. Ik knypte yn har bil! No, dat wie net bêst. Se raasde as in baarch dy 't ringe wurdt. En doe kaam har keamerhear Mantsje Mottebaltsje der oan. Mei syn grizelhantsjes; en dy man praat sa gek, hè. No en doe bin ik hiel hurd útnaaid.

KNOBBEL: Jeetje! Utnaaid! Do doarst, sis!

KNIERP: Goed hé!

IKKE: En no bin ik hjir.

KNOBBEL: Ja, no bist hjir.

KNIERP: En wêr silst hinne?

IKKE: Dat sjoch ik noch wol. Ik moat allinne goed útsjen wêr 't ik hinne gean, want ik tink dat Mottebaltsje efter my oankomt.

KNOBBEL: Dan moast fan side krûpe, juh!

KNIERP: Spannend, juh. Witst wat? Sille wy in skûlplakje foar dy sykje? Dat wolle wy bêst dwaan hear? Ferskriklik! Tsien kear yn bad, elke dei...

KNOBBEL: Dat fyn ik no echt hekserich! Ja, wy sykje in skûlplakje foar dy!

IKKE: Goed idee! Wêr kin ik dan weikrûpe?

KNOBBEL: Wêr... ja, wêr... Under de brêge!

KNIERP: Under de brêge? Kinst oars neat betinke, oen! Sjochst ommers daliks, as der ien ûnder de brêge sit. Of woest har it hiele skoft mei de kop ûnder wetter sitte litte.

IKKE: Dan hie'k ek likegoed by ús tante yn bad bliuwe kinnen.

KNOBBEL: Witst' dan wat betters?

KNIERP: No, ja... Eh... wêr kinne wy dy noris goed ferstopje...? Wat is no in goed plakje?

IKKE (*wiist nei de mole*): Dêr? Dat swarte ding? Wat is dat eins?

KNIERP: Dat is de mole. Yn 'e mole? Nee, dat kin net.

KNOBBEL: Do kinst net yn dy mole, Ikke?

IKKE: It liket my oars in hiel goed plakje.

KNOBBEL: De mole in goed plak! Hearst dat, Knierp?

KNIERP: Se is echt in frjemd bern! Nee, mokkaltsje. De mole is echt net in goed plak.

KNOBBEL: Ferjit dy mole mar gau.

IKKE: Wat dogge jim nuver. Is der wat mis mei dy mole?

KNIERP: Ja, fan alles! Witst, foarhinne wie dit in mole om nôt te meallen. Weet, rogge en hjouwer. En fan dat moal koene de bakkers dan bôle bakke. Us heit mealde hjir ek syn moal.

KNOBBEL: En doe kaam hjir dy idioate moolner. En fanôf dy tiid mealt de mole gjin moal mear.

KNIERP: En no moat ús heit syn moal earne oars weihelje. Ut in oar doarp.

KNOBBEL: En de bôle... no dy smakket nei poep! (*Knierp jout him in skop*)

KNIERP: Wy meie net iens mei de moolner prate. Dat bringt ûngelok, seit ús mem.

KNOBBEL: Ik krij fan ús mem op myn donder, as se sjocht dat ik mei him praat.

KNIERP: Ien kear ha ik Krakkemikke dach sein en doe ha ik fan ús heit in grauwe skop ûnder de kont hân!

IKKE: Krakkemikke... is dat dy moolner?

KNIERP: Sss... moolnerssss!

IKKE: Moolnerssss...?

KNIERP: Eins binne it der twa.

KNOBBEL: Mar feitlik is it mar ien, hear.

IKKE: Ja hoe sit no! Is der no ien as binne it der twa?!

KNIERP: No ja, as 't him sjochst wist' wol hoe 't it sit.

KNOBBEL: Dan skrikst dy rot!

IKKE: No, ik skrik net sa gau hear. Ast myn wite tante sjochst! Of Mantsje Mottebaltsje! Dan wurdst pas kjel!

KNOBBEL: Krakkemikke is folle slimmer!

IKKE: Wêrom dan? Is it in spoek? In draak? In reus? Hoe sjocht dy moolner der dan út? As ik him no tsjin kom, hoe wit ik dan dat it dy Krakkemikke is?

KNIERP: As 't de kop der eefkes by hâldst, sille wy foardwaan hoe 't hy derút sjocht. Kom op, Knobbel... (*de jonges mei de rêgen tsjin elkoar, heakje de earmen yn elkoar en rinne sa hin-en-wer, strofffelje en knoffelje, lûke gekke bekken*)

KNOBBEL/KNIERP (*sjongend*) IK BIN KRAKKE, IK BIN MIKKE...

IKKE: Ik snap der gjin barst fan... (*fan rjochtsefter klinkt in liet; de jonges hâlde daliks op*)

KRAKKE/MIKKE:

IK BIN KRAKKE, IK BIN MIKKE
KRAKKEMIKKE KIN WOL SNIKKE
IK BIN MOOLNER POTDIKKE

KNOBBEL/KNIERP: Dêr hast Krakkemikke! Fuort! Ikke, kom mei! We sykje wol in oar plakje foar dy. (*se wolle Ikke meinimme, mar dy wol net*) No, dan net! Moatst it ek sels mar witte... (*de jonges geane rjochts ôf*)

KRAKKE/MIKKE:

IK BIN MIKKE, IK BIN KRAKKE
KRAKKE MOAT DE SEKKEN PAKKE

MOLE KIN SE FOLKAKKE

(ûnder dit liet komt Krakkemikke foar 't ljocht út de yngong fan de myn. Krakkemikke hat twa hollen en fjouwer earmen en fjouwer skonken oan it grut lomp lichem; Krakkemikke bestiet út Krakke en Mikke dy't yn it ferline troch in toverflok oaninoar klonken binne. Krakkemikke sjout in swiere swarte sek; lichem en klean ûnder de swarte fege. Krakkemikke giet nei de brêge ta en hat der klauwen oan om der by op te rinnen.)

IK BIN KRAKKE, IK BIN MIKKE
KRAKKEMIKKE DIT IS SLIKKE
'T IS NOCH NET KLEAR POTDIKKE

(Ikke helpt om de sek oer de brêge nei de mole te bringen.)

IK BIN MIKKE, IK BIN KRAKKE
NO GJIN REST, GOED OANPAKKE
SEKKEN LEECH GAU FOLKAKKE

(by de mole stroffelt KM. oer syn fjouwer skonken en falt. brokken swarte stienkoal rôlje oer de grûn.)

IKKE: Ha Jo jo sear dien, menear?

KRAKKE: Myn holle hat de grûn wat te hurd rekke.

IKKE: En Jo, menear?

MIKKE: Ek myn holle kaam op 'e grûn en docht grif searder as dy fan Jo, menear Krakke!

KRAKKE: As Jo noris wat better útseagen wêr 't Jo jo fuotten delsetten menear Mikke, dan soene sokke ûngemakken ús grif besparre bliuwe.

MIKKE: Ik better útsjen? Mar menear, Jo foelen earst!

KRAKKE: Omdat ik oer Jo foet stroffele. *(mei muoite krabbelje se oerein)*

MIKKE: Omdat Jo samar ynienen stil stiene.

KRAKKE: Omdat ik ynienen wat seach.

MIKKE: Jo seagen wat? En wat seagen Jo dan?

KRAKKE: In frjemd bern, dat seach ik.

MIKKE: Jo seagen in frjemd bern. Frjemd! Wêr seagen Jo dat bern?

KRAKKE: Hjir! En dêr! *(wiist nei Ikke)* Ja, dêr!

MIKKE: Ja, wat in frjemd bern, sis dat wol. Wêrom draaft se net fuort? Alle bern naaie ommers altyd út as se ús sjogge?

KRAKKE: Dit is net in bern út it doarp, tink ik!

IKKE: Dat kloppet. Ik bin Ikke...

KRAKKE: Se praat tsjin ús!

MIKKE: Frjemd!

IKKE: Myn namme is Ikke. En wêrom soe ik net tsjin Jo prate.

MIKKE: Se praat wol in soad, menear Krakke.

KRAKKE: Dit is hiel opmerklik. Wis. Soe dit bern no ferwachtsje dat wy

ek tsjin har prate?

IKKE: Wêrom prate de minsken út it doarp net mei Jo?

KRAKKE: Sil ik mei har prate?

MIKKE: Jo kinne it besykje.

KRAKKE: De minsken út it doarp begripe ús net. Omdat wy binne sa't wy binne. Wy binne mei ien, mar ek mei twa. Sy fine ús frjemd. En it frjemde is...

MIKKE: Wy fine ússels ek wol in bytsje frjemd.

IKKE (*hat se goed besjoen*): Hoe sit it no; binne jim twa minsken of...?

MIKKE: Foar in part. Wy binne twa minsken mar tagelyk ek ien.

KRAKKE: Foar in part ien en foar in part twa. It bliuwt lestich. Mar Jo moatte ús fereksuksearje. Wy moatte fannijs oan it wurk.

MIKKE (*se tille de sek wer op*): It is net oars. Kom, menear Krakke, ien twa, trije!! (*geane mei de sek nei de mole*)

KRAKKE/MIKKE:

IK BIN KRAKKE, IK BIN MIKKE
SEKKEN LITTE US HAST STIKKE
JO EARME EARME MOOLNER

(*se besykje de sek lâns de ljedder nei boppen te hysjen.*)

IKKE: Sil ik efkes helpe, menear. Hearen!

KRAKKE/MIKKE:

EARME KRAKKE, EARME MIKKE
KRAKKEMIKKE, KRIKKEMAKKE

IKKE: Jim hâlde it net!

KRAKKE/MIKKE: O, JEEMYNIKKE...!

IKKE: Pas op!!

KRAKKE/MIKKE: HY FALT! POTJANDIKKE!!

(*de sek rûtst nei ûnderen ta, de stienkoal rôlet út 'e sek wei oer de grûd.*)

MIKKE: Dit hie 'k net fan Jo tocht, menear Krakke.

KRAKKE: Yn Jo eagen sil it wol wer myn skuld wêze, mar myn miening is dat Jo my de swierste lêsten tille litte, menear Mikke.

MIKKE: Hoe komme Jo derby! Nee, menear, Jo rinne sels de kantsjes der ôf.

KRAKKE: Dit is in belediging fan in hurdwurkjend hear!

IKKE: Hallo mannen! Net bekfjochtsje!

KRAKKE: Wy binne gjin mannen, wy binne hearen, jongedame. En hearen fjochtsje net bek.


MIKKE: Wy ha allinne in ferskil fan miening. As ik gjin hear wie soe ik tsjin him sizze: Menear, Jo binne in luie oelewapper!

KRAKKE: En ik soe sizze: Menear, Jo binne Sloompj Slak. Mar dat sis ik net. Wy fjochtsje gjin bek.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto